

Inspraak door de kunstgrascommissie Twijzel bij het agendapunt "herinrichting sportcomplex Twijzel" tijdens de informatiecarroussel van de gemeenteraad van 30 maart 2017 van de gemeente Achtkarspelen.

Achte riedsleden, collegeleden, ambtenaren en oanwezich publyk.

Myn namme is Harry Pilat. Ik fertsjinwurdigje de keunstgêrskommisje fan de sportferieningen Kv Olympia en Sc Twijzel.

Neist my meitsje ek Karst Jan Pool, Liekele Dijkstra en Jelle van der Meulen diel út fan dizze kommisje en sy binne hjir ek oanwêsich op de publike tribune. Derneist ha ek in tal oare belútsenen ut it doarp - ûnder mear bestjoersleden fan beide ferieningen - plak nom op de tribune.

Alles wat goed is komt langzaam. Dat giet seker op foar de plannen om keunstgersfjilden te realisearjen foar beide ferieningen. It hat in traject west fan in jier of fiif mar ik wol ut namme fan beide ferieningen útsprekke dat we der tige bliid mei binne !

Wy ha it riedsfoarstel lezen en bepraat yn ús besjoeren. Foar ús as sportferieningen ha dizze plannen in grut tal foardielen wêrfan ik de meast wichtichste graach nochris neame wol.

- De kwaliteit fan ús sportfjilden is tige min. Sc Twizel traint winters al 4 jier op oare fjilden omdat it trainingsfjild dan net bespylber is. Troch de plannen kinne we wer thús traine.
- Der komt in oplossing foar it parkeerprobleem. Der sil tidens wedstriden gjin ferkear mear parkeare op de Mounewei. De ferkearsfeiligens sil hjitroch oanmerkelyk ferbetterje.
- Mei it meitsjen fan dit plan yn gearwurking mei de ferieningen is in fundamint lein foar fjirdere gearwurking tusken beide ferieningen. Dit is goed foar de mienskip yn Twizel.
- It hekwurk runom it fjild fan Sc Twijzel stiet net genoch op ofstân en foldocht net oan de KNVB easken. It trainingsfjild is fierste lyts. It keunstfjild foldocht oan alle easken en dertroch is it feiliger foar de sporters.

De plannen binne meardere kearen bepraat mei ús leden. Sy binne der tige wiis mei. Ek hat er oerlis west mei pleatselijk belang. Troch de buurt yn de plannen te belûken is der in plan ûntstien wêr't draachflak foar is yn it doarp.

Om de plannen financiesel mooglik te meitsjen stekke wy as beide ferienings ek de hannen út de mouwen, wy sille sels it parkearterrein oanlizze mei frijwilligers ut it doarp.

Wy wolle it kolleezje en de belutsen ambttners tank sizze foar de gearwurking en seker ek ald wethâlder Marten vd Veen.

Wy hawwe der nocht oan en binne der klear foar !

Tank foar jim oandacht.